



14 septimber 1844  175 JIER SELSKIP  14 septimber 2019

**JIERFERSLACH  
SELSKIP  
FOAR FRYSKE TÆL EN SKRIFTEKENNISSE**

**2 0 1 9**

[selskip1844@gmail.com](mailto:selskip1844@gmail.com)

KORRESPONDINSJEADRES – MOEZEL 222 – 9204 EM DRACHTEN

## **It Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse 175 jier**

### **Tekst út it Tinkboek hûndertjierrich bestean fan it Selskip 1844 – 1944:**

#### **“ De oprjuchting fan it Selskip**

“ Sneon de 14de fan de Hjerstmoanne 1844 kamen yn ‘e herberge ” Het gouden Wagentje “, dy’t de widdou Tieman doe op ‘e Nijstêd to Ljouwert hâldde, 6 man byinoar.

It wienen de hearen A. van Andringa, Th. Born, T. R. Dykstra, C. M. Koopal, J. v. Loon Jsn en B. O. Spoelstra, allegearre jonkeardels en op ien nei ( J. Van Loon Jsn ) ek allegearre Ljouwerters. De haedman fan it lytse groepke wie de Ljouwerter keapmanssoan Tiede Roels Dykstra, dy’t inkelde jieren studint to Frjentsjer en to Grins west hie en him dat jiers wer to Ljouwert nei wenjen set hie.

It doel fan de gearkomste sil oan alle oanwêzigen bikend west hawwe.

Tiede Roels hie der mei syn beide freonen Jan van Loon en Harmen Zylstra drok oer briefke en it plan hie noch al efkes yn ‘e moune west...

...Sa’t T. R. Dykstra dy Sneontomiddei útiensette, wie der forlet fan in Selskip dat noed stean woe fan de Fryske tael.

Dykstra wie fêst oertsjûge, dat mei de Fryske tael ek de Fryske seden en de Fryske folkssiel forlern gean soe en dat moast keard wurde. Syn plan wie dêrom in lytse rounte to foarmjen, dy’t de eare fan de âlde tael fordigene en in wâl opsmite soe tsjin it Hollânske gefaer...”

#### **It doel fan it Selskip**

...It doel fan it nije selskip waard koart omskreaun: “Het gezelschap stelt zich ten doel, de bevordering van de Friesche taal en letterkunde.”

Taelstriid, dat wie it hwat hja woenen. Taelstriid wie in middel ta in heger doel: it bihâld fan it Frysk eigene...

... Der moatte Fryske stikken komme. Hwat mear it folk krijt to lêzen, nammerstomear leafde sil it ek krije foar it eigene. Wy kinne wol sizze dat it bifoarderjen fan Frysk skriuwen it haeddoel west hat...

...As 2de punt kaem op it program to stean: it útjaen fan losse stikken, dy’t propaganda foar de Fryske saek stypje koenen. Ek woe men (3) foarlêzingen hâlde en waard der foartdalik wurk makke fan it oanlizzen fan in boeksamling (4). Mocht it Selskip greater wurde, dan wie men fan doel (5) kritegearkomsten to belizzen dêr’t de Fryske idealen op bisprutsen wurde koenen...

#### **...Sa wie de earste Fryske organisaesje berne.**

Wy hearre der neat fan oft de oprjuchters bigrepen ha, hwat hja foar Fryslân dienen. Greate ferwachtingen hienen hja net. Hja wienen biskieden. Alles moast fan de groun ôf opboud wurde. It earst nedige moast dien wurde en dan koe men wol ris fierder sjen. Dochs hat dy lytse gearkomste fan de 14de Septimber 1844 it bigjin west fan in stik wurk, dat noch lang net dien is, mar dat nou 100 jier syn fortuten dien en Fryslân in stik riker makke hat... “

Ut: Tekst mefrou drs. T. J. Steenmeijer-Wielinga, konservator Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum, "Ien en oar oer it Selskip" maaie 1996 en "Selskip 1844 – 150 jier, in útstalling yn it Frysk Letterkundich museum, 16 septimber – 18 novimber 1994":

"It hat wol in bytsje de tragyk fan it Selskip west, dat hyltyd taken dy't it Selskip op him nommen hie, letter oernommen binne troch oare organisaasjes en it Selskip dêrtroch útholle rekke is":

### **It plak fan it Selskip yn de Fryske Beweging.**

Yn de tweintiger en tritiger jierren binne in tal funksjes fan it Ald Selskip oernommen troch mear spesifike organisaasjes sa as ûnderoaren:

- De Fryske Bibleteek – 1923
- De Provinsjale Underwiis Rie – 1928
- De Algemiene Fryske Underrjocht Kommisje ( AFUK ) – 1925
- De Kristlike Fryske Folks Bibleteek en it Fryske Boek – 1934
- De Fryske Akademy – 1938

Sa as de eardere skriuwer fan it Selskip Kees Kuipers yn in ynformaasje bulletin skriuwt: "Ynstânsjes dy't de doelstelling en it wurk fan it Selskip oernommen hawwe driuwe op betelle krêften. Wylst de Selskipbestjoerders de measte kosten út eigen bûse betelje".

### **Hjoed-de-dei**

Hjoed-de-dei wurdt de doelstelling fan it Selskip û.o. helle middels it organisearjen fan it Provinsjaal Projekt Foarlêzen yn it Frysk oan pjutten op pjutteboartersplakken, bernedeiferbliuwen en by gastâlders.

Om it wurk fan it Foarlêseprojekt fan it Selskip feilich te stellen ha bestjoer en Krite it beslút naam om in aparte Stifting op te rjochtsjen.

Ek de Krite dogge alle war de Fryske taal en kultuer fuort te sterkjen. Dat bart op ferskate wizen. Aktyf en passyf genietsje fan Frysktalich toaniel, kabaret, Fryske trûbadours, artysten en Fryske skriuwers. Mar ek stúdzje meitsje fan de Fryske taal en skiednis of sprekkers dêroer oanharkje. Jierliks wikselsje de Krite harren winterprogramma's ûnderling en mei it bestjoer út.

It Selskip hoedet ek it rike ferline troch de soarch foar earestienten en grêven.

Bestjoer Selskip is drok dwaande om, yn oerlis mei ynstânsjes en persoanen, oplossings te betinken foar de takomst.

### **Tank**

It bestjoer fan it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse sprekt har tank en wurdearing út oan Kommisje, Krite en alle persoanen dy't der foar soarge hawwe, dat it wurk fan it Selskip yn har 175ste besteansjier fuortgong fine koe.

It bestjoer winsket jo folle nocht mei it lêzen fan it Jierferslach fan 2019.

A. W. Wijbenga, foarsitter

G. J. Frieswijk, waarnimmend skriuwer

C. J. van der Woude – van der Schaaf, skathâlder

Mildaam, maart 2020

<b>HAADBESTJOER – FERTSJINTWURDIGING – KOMMISJE FOARLEZEN – GEARWURKINGSFERBAN – BESTJOERSGEARKOMSTEN</b>
---

## Bestjoer Selskip

Op 1 jannewaris 2019 wie it haadbestjoer fan it Selskip 1844 sa gearstald:

Foarsitter: Hear A.W. Wijbenga, Foarwei 1, 9294 KC Aldwâld  
0511 – 431207

Tydlik skriuwer: Mefrou A.M. Douma, Tsjerkebuert 11, 8805 TH Hitzum  
0517 – 452744

Skathâlder: Hear A.W. Wijbenga, Foarwei 1, 9294 KC Aldwâld  
0511 – 431207

Lid: Mefrou Cl. van der Sluis–Ytsma, Gauke Boelensstrjitte 91, 9203 RK Drachten  
0512 – 510424

Lid: Mefrou G. Beenen, Wâldsingel 63A, 8443 DL It Hearrenfean,  
0513 – 631031

Administrateur: Mefrou C. J. van der Woude – van der Schaaf, Moezel 222, 9204 EM Drachten

## Wizigings bestjoer Selskip

Nei de algemiene gearkomste fan 10 april 2019 is de gearstalling fan it bestjoer wizige. De Ledegearkomste fan 6 novimber 2019 hat formeel mefrou Frieswijk en mefrou van der Woude keazen yn it bestjoer fan it Selskip.

Foarsitter: Hear A. W. Wijbenga, Foarwei 1, 9294 KC Aldwâld  
0511 - 431207

Waarnimmend Skriuwer Mefrou G. J. Frieswijk, Mûneleane 26, 8454 KJ Mildaam  
0513 – 632989

Skathâlder: Mefrou C. J. van der Woude–van der Schaaf, Moezel 222, 9204 EM Drachten  
0512 - 510836

E-post: [selskip1844@gmail.com](mailto:selskip1844@gmail.com)

Korrespondinsje adres Selskip: Moezel 222, 9204 EM Drachten

## Fertsjintwurdiging Selskip yn:

### **IFAT**

Hear A.W. Wijbenga, Foarwei 1, 9294 KC Aldwâld  
0511-431207  
Fakature:

### **KOMMISJE FOARLEZEN SELSKIP**

Mefrou G. J. Frieswijk (foarsitter), Mûneleane 26, 8454 KJ Mildaam  
0513-632989  
Mefrou C. J. van der Woude – van der Schaaf, Moezel 222, 9204 EM Drachten  
0512 – 510836  
Mefrou J. van den Berg, Wolsumerwei 1, 8774 PL Wolsum  
0515 -579395

### **GEARWURKINGSFERBAN**

It Selskip hat in gearwurkingsferbân mei it Frysk Boun om Utens. Alle nijs en ynformaasje wurdt op de hiemside set fan it Boun:

[www.fryskbutenfryslan.frl](http://www.fryskbutenfryslan.frl)

Op de side fan it Selskip stiet de folgjende ynformaasje:

1. Wat is en docht it Selskip
2. Jierferslach

De hiemside fan It Frysk Boun om Utens wurdt regelmjittich aktualisearre.

### **KONTAKTEN NEI BUTEN TA**

Yn it jier 2019 hat it Selskip mei in tal organisaasjes / persoanen; petear / kontakten hân oer de gearwurking en it oanheljen fan de bân. Kontakten wiene der mei

#### **I F A T** ( It Frysk Amateur Toaniel )

Under oaren oer de jierlikse bydrage foar it Projekt Foarlêzen oan pjutten

#### **A F U K** ( Algemiene Fryske Underrjocht Kommisje )

Under oaren it gearwurkingsprojekt Foarlêzen oan pjutten

#### **FRYSK BOUN OM UTENS**

Under oaren oer gearwurking, jildsaken en de hiemside.

#### **TRESOAR**

Bywurkje argyf fan it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse

#### **REDAKSJE IT BUSBOEKJE**

Bywurkje ynformaasje oer Selskip yn it Bûsboekje

#### **KEAMER FAN KEAPHANNEL**

Bywurkje ynformaasje Selskip

### **REPRESINTAASJE**

Offisjele beneaming fan de nije Dichter fan Fryslân op tongersdei 21 novimber 2019, yn de Stadskas Explore the North, Aldehouster tsjerkhôf, Ljouwert

- Gearkomste bestjoer Selskip freed 15 febrewaris 2019
- Wurkgroep ynventarisaasje en tarieding besprek takomst fan it Selskip
- Gearkomste bestjoer Selskip freed 13 septimber 2019

### **Gearkomste Bestjoer Selskip freed 15 febrewaris 2019**

( Sûnder harren fêste adviseurs de dames Frieswijk en van der Woude )

Punten neffens ferslach

- Berjocht Krite Hearrenfean, bestjoer Selskip reagearret net mear
- Kontakt Ried Fryske Beweging – gjin útnoeging foarsitter Selskip
- Konsept Jierferslach 2018
- Jildsaken gearkomste mei Kaskommisje
- Tarieding Algemiene Gearkomste yn Drachten
- 175 jier Selskip: bestjoer beslút om in feestlike “high tea” te organisearjen en makket ôfspraken mei lokaasje en sprekker

### **Wurkgroep ynventarisaasje en tarieding besprek “de takomst fan it Selskip en it Foarlêsprjekt” july oant en mei augustus**

Mids july binne de dames Frieswijk en van der Woude starten mei it sammeljen fan

“ wat moat der barre, wat leit der “. De takomst fan it Selskip en it Foarlêsprjekt:

In ynventarisaasje / oersjoch fan ûnderwerpen fan besprek, wat der regele wurde moat, wannear / datums en der binne ek safolle mooglik konsepten makke as tarieding foar de bestjoersgearkomste. Fan sawol âlde saken, as nije saken.

### **Gearkomste bestjoer Selskip freed 13 septimber 2019**

Oanwêzich de hear Wijbenga, dames Douma, van der Woude en Frieswijk.

De oare deis, sneon 14 septimber bestiet it Selskip 175 jier.

Dêrom is der in blomke foar Wijbenga en mefrou Douma.

Mefrou Douma hat yn dizze gearkomste de oerdracht fan de stikken dien.

It emailaccount is oerdroegen oan mefrou van der Woude

Yn de gearkomste binne behannele

- Ferslaggen bestjoer 2018 / 2019
- Ofspraken / Aksjelisten 2018 / 2019
- Listen Ynkommen en Utgiene stikken 2018 / 2019
- Ferslach Algemiene Gearkomste 10 april 2019

Besprek: de takomst fan it Selskip en it Foarlêsprjekt:

- Ofhanneljen fan âlde saken / rinnende saken
- Gearstalling bestjoer Selskip
- De takomst
- Jildsaken

En fierders it tarieden fan de Ledegearkomste fan novimber

Foar de besluten oer de útwurking / tarieding fan “De takomst fan it Selskip en it

Foarlêsprjekt” sjoch it ferslach fan de Ledegearkomste fan 6 novimber 2019.

## Adressen deistich bestjoer oansletten Kriten

### 1. KRITE DRACHTEN

#### Foarsitter

Mefrou A. Annema – Annema, Sydwende 72, 9204 KG Drachten

Tillefoan: 0512 – 517079 email: [annekeannema@hotmail.com](mailto:annekeannema@hotmail.com)

#### Skriuwer / Ileadministraasje

Mefrou G. Grollema – Dijkstra, Michaelsberch 19, 9202 CV Drachten

Tillefoan 06 11 86 79 36 email: [Grolleman.g@gmail.com](mailto:Grolleman.g@gmail.com)

#### Skathâlder

De hear H. J. De Jong, Fabriciuslaan 1/49, 9203 LC Drachten

Tillefoan 0512 779 965 email: [hilbrandindrachten@gmail.com](mailto:hilbrandindrachten@gmail.com)

### 2. KRITE EASTERWALDE

#### Waarnimmend foarsitter en skriuwer

Mefrou T. van Berkum – de Boer, de Muijnhorn 14, 8431 BJ Easterwâlde

Tillefoan: 0516 – 850186 email: [tberkboer@quickenet.nl](mailto:tberkboer@quickenet.nl)

#### Skathâlder

De hear J. Kort, Leegemaad 3, 8431 TS Easterwâlde

Tillefoan: 0516 – 520018 email: [jennyprins@hetnet.nl](mailto:jennyprins@hetnet.nl)

### 3. KRITE “TRYNWALDEN “

#### Foarsitter

De hear P. Reitsma, Frisiastate 119, 9062 GZ Oentsjerk

Tillefoan 06 44 77 88 68 email: [p.reitsma1@upcmail.nl](mailto:p.reitsma1@upcmail.nl)

#### Skriuwer

Mefrou H. de Roos, Staniasingel 29, 9062 GL Oentsjerk

Tillefoan: 058 – 2563971 / 06 54 31 09 15 email: [hderoos@cartwin.nl](mailto:hderoos@cartwin.nl)

#### Skathâlder

De hear U. Bakker, Sanjesreed 1, 9062 EK Oentsjerk

Tillefoan: 058 – 2562914 email: [u.e.bakker1@knid.nl](mailto:u.e.bakker1@knid.nl)

## **De 175e Algemiene Gearkomste fan it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse op woansdei 10 april 2019 yn Trefpunt @Holdert yn Drachten**

### **Punten neffens it ferslach:**

- It bestjoer fan de Krite Hearrenfean hat it lidmaatskip fan it Selskip opsein  
De aksje fan it bestjoer is net oan de oarder west yn in gearkomste mei de leden
- It ferslach fan de 174e Algemiene Gearkomste wurdt fêststeld
- Jierferslach 2018 fan it Selskip wurdt fêststeld
- Finansjeel ferslach Selskip 2018: it jier is ôfsletten mei in tekoart
- Rekkenopnimbers de hear Bakker en mefrou Annema ha de boeken ynoarder befûn
- As rekkenopnimbers foar 2019 binne beskikber mefrou Annema en de hear Kort
- De jierrekken Selskip 2018 wurdt fêststeld
- Begrutting 2020 wurdt goedkard
- Besprek fuortgong Foarlêspjocht 2018 – de gearkomste is tige te sprekken oer it Foarlêspjocht: fantastysk, geweldich, it moat sa trochgean
- Bestjoerlike saken:  
Mefrou Beenen en mefrou van der Sluis – Ytsma hawwe harren sit yn bestjoer Selskip opsein. Ek mefrou Douma wol ophâlde mei har bestjoersfunksje / tydlik skriuwersskip
- Fan de Krite komme gjin kandidaten foar in sit yn bestjoer Selskip  
Mefrou Frieswijk en mefrou van der Woude fine it belangryk dat it Selskip bestean bliuwt, dat is tige wichtich foar it Foarlêspjocht. Sy wolle in sit nimme yn it bestjoer  
De gearkomste is bliid mei it oanbod en hat dat oannaam, dermei hat de gearkomste de beide froulju beneamd yn it bestjoer fan it Selskip
- Suggestje út de seal: rjochtsje in Stichting foar it Foarlêspjocht op
- De dames Frieswijk en van der Woude sille oan de slach mei in oersjoch fan punten, fan oanpak om fierder te bepraten mei de Krite yn de hjerst yn in ekstra gearkomste
- Dit jier is it 175 jier Selskip en tiid foar in feest? De Krite ha gjin belang by in feest
- De hear Hoekstra fan de Vogelwacht Drachten-Beetsterzwaag hat ferteld oer it wurk fan de Fûgelwacht

Sjoch fierder it ferslach fan dizze Algemiene Gearkomste.

## **Lede gearkomste ( 175b ) fan it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse woansdei 6 novimber 2019 yn seal Overwijk op 'e Tynje**

Rapportaaazje oan bestjoeren Krite – fuortgong “ De takomst fan it Selskip “ .

Bestjoer Selskip hat in tal stikken oanlevere:

Yn de A4 ynlieding, de útdaging: tegearre mei de Krite sette wy op 'e nij de skouders der ûnder en regelje in tal saken foar de takomst, mei taheakke

De rapportaaazje oan de Krite oer de fuortgong: wat binne de problemen / knyp punten – analyse en mooglike oplossings en aksjes.



## **Nei oanlieding fan de rapportaazje binne, ûnder oaren, de neikommende saken besprutsen:**

- Oprjochtsjen Stichting Foarlêsprjekt Selskip. De suggestje út de Algemiene Gearkomste fan april is oernaam. It bestjoer hat op 11 oktober 2019 in Stichting oprjochte foar it feilich stellen fan it Foarlêsprjekt .
- Utwikseling winterprogramma's. De Krite stjoere tenei 3 programma's nei de kollega-krite en nei it bestjoer, dan is eltsenien op de hichte
- Op besite by de Krite. Oan 'e hân fan de programma's kinne de Krite by elkoar op besite.
- Kontakten bestjoer Selskip – Krite. Middels de nijsbrief "Snypsnaren" kin it bestjoer de Krite op de hichte hâlde.
- De Kritebestjoeren fine jierliks ien gearkomste genôch. Sa as hjoed, mei sop en broadsjes foldocht tige. Der wurdt fierders gjin sprekker útnoege.
- Wat kin it bestjoer fan it Selskip fierder betsjutte / dwaan foar de Krite. It is somtiden dreech om in goed programma foar elkoar te krijen. Alle ynformaasje is wolkom

## **Alde saken regelje / ôfwurkje – ûnder oaren:**

- Grêven, earstienten, grêfteikens en grêfsarken.  
It beskikbere materiaal is sammele en no moatte wy op syk nei help en mooglikheden.  
De earste kontakten binne lein, mei Provinsje en oare ynstânsjes, it is sykjen.  
It soe moai wêze as wy immen fine kinne dy't der aardichheid oan hat om him / har der yn te ferdjipjen De hear Kort, Krite Easterwâlde wit in persoan, hy jout namme en adres troch.
- Ried fan de Fryske Beweging. It lidmaatskip is per 1 jannewaris 2020 opsein.

## **Bestjoer, ûnder oaren:**

- Fakatures. It Selskip siket bestjoersleden of leden foar in kommisje of wurkgroep
- Bestjoersferkiezing. Bestjoer Selskip is fan betinken dat der dochs neffens it Karbrief wurke wurde moat  
Ferkiezing foar it Bestjoer fan it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse:  
Fakature Skriuwer: mefrou Geeske J. Frieswijk  
Fakature Skathâlder: mefrou Tineke van der Woude-van der Schaaf.  
Hja binne beide keazen yn it bestjoer fan it Selskip.
- Taalstiper  
Foar it hoffenjen fan de teksten op geef Frysk ha wy stipe fan mefrou Akkermans.
- De oanpaste begutting 2020 wurdt goedkard
- Der is in list mei mailadressen foar it trochstjoeren fan it Kriteblêd fan Hilversum.  
Ofspraak: it Kriteblêd wurdt trochstjoerd oan de skriuwers.

Sjoch fierders it ferslach fan de dizze Algemiene Gearkomste

## **Wurk en aktiviteiten fan it Selskip**

- **It Foarlêsprjekt / de Fryske Foarlêswike**
- **Earestienten, grêfteikens, grêfsarken en grêven**

## **Provinsjaal projekt lêzen en foarlêzen yn it Frysk oan pjutten op pjutteboartersplakken, bernedeiferbliuwen en by gastâlders.**

### **Gearwurkingsprojekt**

It 'Provinsjaal projekt foarlêzen oan pjutten' is in gearwurkingsprojekt fan it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse en Afûk / Tomke-wurkgroep.

### **Doel is it organisearjen fan de Fryske Foarlêswike**

Doel fan it gearwurkingsprojekt is om jierliks yn **de Fryske Foarlêswike** foar te lêzen oan pjutten (2–4 jier) op pjutteboartersplakken, bernedeiferbliuwen en by gastâlders yn Fryslân, om sa it aktyf brûken fan de Fryske taal te befoarderjen en it lêzen en foarlêzen yn de Fryske taal te stimulearjen. De Fryske Foarlêswike is altyd de earste folle wike fan juny.

### **Organisaasje / Utfiering – Kommisje Foarlêzen Selskip - kontaktpersoanen**

Foar de organisaasje / útfiering hat bestjoer Selskip in Kommisje ynsteld. De Kommisje Foarlêzen bestiet út trije persoanen en hat as taak de organisaasje / útfiering fan it Foarlêsprjekt fia in netwurk fan rom 54 ( list febrewaris 2019 ) kontaktpersoanen. De kontaktpersoanen soargje foar de organisaasje / útfiering yn harren gemeente / wurkgebiet. De Fryske Foarlêswike wurdt útfierd yn alle Fryske gemeenten, mei wurkgebieten yn Súdwest Fryslân (5), de Fryske Marren (3), Waadhoeke (3), Noard-east Fryslân (3) en fierders binne Boarnsterhim, Littenseradiel en Ljouwerteradiel wurkgebieten. De útfiering fan it foarlêsprjekt draait folslein mei frijwilligers. Afûk helpt it foarlêsprjekt mei ynhâldlike stipe en foarmjouwing, printwurk en administraasje.

### **Resultaat Foarlêswike 2019**

De Foarlêswike is hâlden fan 3 oant en mei 7 juny, foar de 17<sup>de</sup> kear is foarlêzen oan pjutten. Der is foarlêzen oan sa'n 12.500 pjutten fan 2 en 3 jier op 364 lokaasjes: 236 pjutteboartersplakken en 128 bernedeiferbliuwen. Sa'n 600 foarlêzers ha foarlêzen oan sa'n 800 groepen. Omtrint 360 Gastâlders hawwe meidien en foarlêzen. Der binne rom 18.000 Fryske Tomke boekjes te plak brocht.

It Selskip en de Kriten binne tige ynnommen mei it Foarlêsprjekt. Troch it Provinsjaal Projekt Foarlêzen yn it Frysk oan pjutten is oeral yn Fryslân, yn de stêden en yn de doarpen, oeral hat it Selskip op 'e nij har woartels en sa docht it Selskip noch altyd dat wat hja wichtich fûnen by de oprjochting yn 1844, nammentlik it stypjen fan de Fryske taal en it Frysk eigene.

**It folsleine ferslach fan de Fryske Foarlêswike 2019 is op te freegjen by emailadres:**

**[selskip1844@gmail.com](mailto:selskip1844@gmail.com)**

## Earestienten, grêfteikens, grêfsarken en grêven

Ut it Tinkboek: *“In folk, dat syn greate mannen net earet, is se net wurdich”.*

### Hoe komt it dat it Selskip behelle is by Earestienten, Grêfteikens, Grêfsarken en Grêven?

De skiednis fan ien en oar is werom te finen yn it TINKBOEK fan it “Hûndertjierrich bistean fan it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse” 1844 – 1944. “It Selskip kent in lange en rike histoarje, mei gâns wichtige mannen yn it bestjoer, dy en safolle oare dy sa’n protte foar de Fryske tael dien hawwe, binne wurdich nea forgetten to wurden. “

### It Tinkboek sels stelt de fraach en jout it antwurd:

“Hwat hat dochs de reden west, dat it Selskip foar Fryske tael der ta oergien is om in eareblyk foar harren op te rjuchtsjen?” En dat andert kin dan net oars wêze as: “It oprjuchtsjen fan dizze tinkstiennen hat útslutend ta’n doel hawn ús âlde sprake to earjen en de âlde fryske beam nije soppen ta to foegjen. En dat ús earestiennen der jit in lange rige fan jierren fan tsjûgje sille hoe’t it Fryske Selskip syn greate mannen earet”.

It Selskip hat “op eigen manneboete of yn ‘e mande mei oaren “ oprjochte:

- I. Earestiennen ( Earestienten )
- II. Grêftekens ( Grêfteikens )
- III. Grêfsarken en
- IV. Grêven yn eigendom en / of yn ûnderhâld.

### Wa wiene dy grutte mannen en wat wie harren betsjutting foar de Fryske taal en it Selskip.

#### I. Earestiennen

1. De stiennen ( kopstikken ) yn ‘e gevel fan it bertehûs fan de bruorren Halbertsma te Grou. Foar dr. Eeltsje Hiddes Halbertsma yn 1875 en dûmny Joast Hiddes Halbertsma (1e Earelid fan it Selskip) yn 1879, Frysk skriuwers en dichters. It eigendom fan de stiennen is oergien oan it Ryk.
2. It dr. Eeltsje Hiddes Halbertsma byld te Grou yn 1904. Yn 1995 is de soarch foar it byld by de gemeente Boarnsterhim lein.
3. De gevelstien yn it bertehûs fan Gysbert Japiks te Boalsert yn 1908, grutste Fryske dichter: “in berch yn it leechlân”. It Selskip hat de stien yn ûnderhâld.
4. De Waling Dykstra tinkstien te Ljouwert yn 1916, Frysk folksskriuwer en dichter, foarsitter en Eare- foarsitter fan it Selskip, einredakteur earste folsleine Fryske Wurdboek – trije dielen. It eigendom waard oan it stêdsbestjoer fan Ljouwert oerdroegen.
5. It Piter Jelles Troelstra earestiente te Stiens yn 1933, Frysk dichter. It earestiente is oerdroegen oan de gemeente Ljouwerteradiel.

#### II. Grêftekens en III. Grêfsarken

Der is ûnderskie makke tusken grêftekens en grêfsarken. De earste binne oprjochte fan it Selskip, dat der foar soarge hat, dat de ferstoarne ek fan de neiteam net fergetten wurde soe; de twadde binne oprjochte fan de famylje fan de ferstoarne en letter troch it Selskip oernommen.

#### **De grêftekens oprjochte troch it Selskip binne:**

1. It earestiente op it grêf fan Gerben Piters Colmjon te Ljouwert yn 1885, skriuwer en samler fan it Selskip.
2. It earestiente op it grêf fan Jacobus van Loon Janssoan te Wommels yn 1907, Frysk skriuwer, mei oprjochter fan it Selskip, skriuwer, foarsitter ( 34 jier ) en Earefoarsitter.
3. It earestiente op it grêf fan Tsjibbe Gearts van der Meulen te Burgum yn 1907, Frysk folksskriuwer en dichter, Earelid fan it Selskip.

#### **De grêfsarken dy't eigendom fan it Selskip binne, moat men sykje op de tsjerkhôven te:**

4. Baard, op it grêf fan Harmen S. Sytstra yn 1862, Frysk skriuwer, dichter en mei oprjochter fan it Selskip.
5. Readuzum, op it grêf fan Alle Jans Smeding yn 1902, Frysk skriuwer, ien fan de âldste en foarste leden, Earelid en skathâlder ( 29 jier ) fan it Selskip.
6. Hallum, op it grêf fan Meindert Rozenga yn 1928, Frysk skriuwer / strider.
7. Ryptsjerk, op it grêf fan Auke Boonemmer yn 1937, Frysk skriuwer.

Tinkteken Tsjearld Velstra, te Jelsum yn 1919, Fryske toanielskriuwer ( tinkteken yn 'e mande mei it Ljouwerter toanielselskip ).

#### **IV. Grêven**

It Selskip hat it eigendom en/of it ûnderhâld fan de grêven te:

1. Baard, fan Harmen S. Sytstra
2. Hallum fan Meindert Rozenga,
3. Ryptsjerk fan Auke Boonemmer
4. Burgum fan Tsjibbe Gearts van der Meulen
5. Burgum mefrou Grietje Peereboom, widdow fan Tsjibbe Gearts

Yn 2004 is it Selskipbestjoer by alle earestiennen en grêven lâns west om ris te sjen hoe't alles der hinne leit. Fan dizze tocht is ferslach makke: Ferslach fan de Ynspeksjetocht op 18 maaie 2004.

Yn 2013 is it grêf fan Meindert Rozenga yn Hallum opkreeze.

Yn 2015 is de tinkstien fan Halbertsma te Grou opkreeze troch de gemeente Ljouwert.

Ek de stien fan Gerben Colmjon op de âlde begraafplaats oan de Spanjaardsleane sjocht der no better út.

Bestjoer Selskip hat nei de simmer de soarch om de grêven wer oppakt en siket om stipe foar dit bysûndere besit.

Hoe steane de monuminten derfoar en hokker persoanen / organisaasjes kinne it Selskip hjirby helpe. Foar de takomst moat dit erfskip feilich stelt wurde.

De earste kontakten mei persoanen en organisaasjes binne lein, it is sykjen om stipe, om sawol oan help as jild te kommen.



<b>Selskip Balâns op 31 desimber 2018</b>			
<b>Aktiva</b>			<b>Passiva</b>
	-		-
Bank	€ 3.056,25		Foarlêsprjekt noch betelje
Rinte 2017 noch te ûntfangen	€ 0,68		Reiskosten bestjoer noch betelje
Subsydzje fia IFAT 2017			
noch te ûntfangen	€ 1.700,00		Kaptaal
	-		-
<b>Totaal</b>	<b>€ 4.756,93</b>		<b>Totaal</b>
			<b>€ 4.756,93</b>

<b>Selskip Balâns op 31 desimber 2019</b>			
<b>Aktiva</b>			<b>Passiva</b>
	-		-
Betelrekken	€ 276,02		Foarlêsprjekt noch betelje
Sparrekken	€ 2.299,15		
Subsydzje fia IFAT 2018			
noch te ûntfangen	€ 1.700,00		Kaptaal
	-		-
<b>Totaal</b>	<b>€ 4.275,17</b>		<b>Totaal</b>
			<b>€ 4.275,17</b>

<b>It saldo op de rekken Jubileumfûns op 31-12-2019</b>	<b>€ 742,90</b>
---	-----------------

Drachten, april 2020

Ut namme fan it bestjoer:

Opmakke troch:

A.W. Wijbenga, foarsitter

C.J van der Woude - van der Schaaf, skâthâlder

G.J.Frieswijk, waarnimmend skriuwer

<b>Selskip Eksploitaasjerekken 2019</b>		
	<b>Baten</b>	<b>Lêsten</b>
Ynlagen Krite	€ 407,00	
Subsydzje Provinsje Fryslân	€ 7.500,00	
Subsydzje Gemeente Ljouwert	€ 3.000,00	
Subsydzje fia IFAT	€ 1.700,00	
Burokosten		€ 184,29
Kosten Gearkomsten		€ 255,22
Reiskosten Bestjoer		€ 145,50
Grêfrjochten		€ 83,75
Ferskaat		€ 137,49
Foarlêsprojekt		€ 12.250,26
Eksploitaasje tekoart	€ 449,51	
	<b>€ 13.056,51</b>	<b>€ 13.056,51</b>
Kaptaal op 1 jannewaris 2019	€ 3.880,79	
Eksploitaasje tekoart		€ 449,51
Kaptaal 31 desimber 2018	<b>€ 3.431,28</b>	

Drachten, april 2020

Ut namme fan it bestjoer

Opmakke troch:

A.W. Wijbenga, foarsitter

C.J. van der Woude-van der Schaaf, skathâlder

G.J. Frieswijk, waarnimmend skriuwer



## Taljochting op Balâns en Eksploitaasjerekken Selskip oer 2019

### Balâns 31 desimber 2019

Op de Balâns is foar it Foarlêsprjekt € 1575,00 as noch te beteljen opnaam, fanwege trochrinnen yn it oare jier, bestellingen foar it nije jier en de rekken foar it jierferslach fan it Foarlêsprjekt. It eksploitaasjetekort is ten leste fan it kaptaal boekt.

### Eksploitaasjerekken 31 desimber 2019

It werom rinnen fan it ledental fan de Kritten is en bliuwt in punt fan soarch. De rinte fan de bank is sawat nul en wurdt net mear opnaam yn de eksploitaasje. In part fan de kosten fan administraasje en bankkosten binne betelle út it Foarlêsprjekt. It Selskip krijt gjin subsydzje, de subsydzje fia IFAT is earmerke foar it Foarlêsprjekt. Der hat in ekstra ledegearkomste west en ek in Jubileum: Selskip 175 jier, op beskieden wize, mar wol feestlik mei de Kritten betocht en fiert.

It Foarlêsprjekt wie dit jier lyk as oare jierren wer in grut sukses en giet it kommende jier ek wer troch.

In koart oersicht stiet yn dit jierferslach.

De Kommisje Foarlêzen is sa as wenst al wer drok dwaande foar it kommende jier.

Kritten ynlage	2007	2008	2009	2010	2011	2012	2013	2014	2015	2016	2017	2018	2019
Ljouwert		82	82	62	54	50	90	0	0	0	0	0	0
Easterwâlde	193	191	191	180	179	174	176	186	170	170	148	136	137
It Hearrenfean	265	240	242	248	250	270	270	250	250	250	220	175	0
De Lemmer	185	180	180	174	151	151	142	136	132	0	0	0	0
Trynwâlden	185	182	180	182	171	168	167	174	175	163	155	144	145
Drachten	80	198	189	174	153	150	150	140	130	130	125	115	125
	<b>1108</b>	<b>1073</b>	<b>1064</b>	<b>1020</b>	<b>958</b>	<b>963</b>	<b>995</b>	<b>886</b>	<b>857</b>	<b>713</b>	<b>648</b>	<b>570</b>	<b>407</b>

Drachten, april 2020

Opmakke troch:

C.J.van der Woude-van der Schaaf, skâthâlder

Ut namme fan it bestjoer,

A.W.Wijbenga, foarsitter

G.J.Frieswijk, waarnimmend skriuwer